1403

Wrotte en wrame, wrotte en wrotte, wrotte en dwaan
Ferbale hendiadys yn it Frysk

Jarich Hoekstra

Summary

Departing from the stylistic observation that Modern West Frisian possesses quite a number of formulaic pairs consisting of two synonymous verbs (e.g. wrotte en wrame *'to work hard, to toil'), I compare three types of verbal hendiadys in this article: apart from the hendiadys of two synomymous verbs, hendiadys of two identical verbs (e.g.* wrotte en wrotte*) and hendiadys of a verb with the dummy verb* dwaan *'to do' (e.g.* wrotte en dwaan*). All three types involve strengthening of the first verb and express durative aspect. Verbal hendiadys differs from other combinations of two bare verbs (i.e. pairs of different verbs or repetitions of identical verbs) in expressing non-additive and non-iconic meaning and in neither allowing an intonational break before* en *nor a syntactic split. I propose a unifying analysis for the three types of verbal hendiadys, accounting for the similarities and the differences (hendiadys of two synonymous verbs is lexical, whereas the other two types are syntactic, hendiadys of a verb with* dwaan *has primary stress on the verb and secondary stress on* dwaan*, whereas the other two types have primary accent on both verbs). Specifically, I claim that verbal hendiadys is a reduplication structure, in which the former coordinating conjunction* en *has grammaticalized to an aspectual (durative) suffix with a reduplication feature. Reduplication is achieved by copying the base verb, by spelling out the light verb DO or by inserting a lexical pair of synonyms.*

1. Ynlieding

Pieter Sipma wiist yn 'Ta it Frysk' (1949-II, 29) op it ferskynsel fan hendiadys fan synomimen (myn fetprint):[1]

> Synonimen wurde yn de sprektael en yn de literaire tael faek yn keppeling brûkt: by twaën en yn de letterkunde soms sels by trijen, bg. ier en

1. In oar oersjuchje fan sokke pearformules yn it Frysk jout Tsjepkema (1997a). Under hendiadys ferstean ik hjir algemien it werjaan fan ien begryp mei help fan twa koördinearre (net inkeld synonime) útdrukkingen.

Us Wurk, jiergong 66 (2017), s. 128-147

> bitiid, iwich en altyd, it wie allegearre biten en brokken, dat ge**klei en** ge**kliem**, winsk en wâld (Gysbert Japicx), it hat skik noch roai, **rinne en drave**, **flokke en swarre**, alles koart en klien slaen, neat om en oan hawwe, oan alle iggen en einen tokoart komme, neaken en bleat, goed en wol, lekken en brekken. hy moat der noch fan **waekse en groeije**.

Yn it rûfeltsje foarbylden dat er jout, komme ek in stikmannich gefallen foar fan it ferskynsel dat ik yn dit artikel op it aljemint bringe wol: *kleie en kliéme* (yn ‘e nominalisaasje *geklei en gekliem*), *rinne en drave*, *flokke en swarre* en *waakse en groeie*. It gearkeppeljen fan twa (fierhinne) lykbetsjuttende tiidwurden is sa’t ‘t liket in stilistysk ferskynsel dat yn it Frysk aardich hiem is (sjuch de taheakke list fan goed 80 pearen út ‘e wurdboeken). Dêrom docht it jin nij, dat der yn grammatika’s of taalpraatsjes nea ekplisyt omtinken oan jûn is. Ferbale hendidys fan twa synonimen is net allinnich stilistysk opfallend, de ferbining is ek nijsgjirrich út in morfosyntaktysk eachweid. De kombinaasje fan twa synonime tiidwurden kin ferlike wurde mei twa oare typen fan ferbale hendiadys, nammentlik mei de ferbining fan twa gelikense tiidwurden en mei de ferbining fan in tiidwurd en it dummy-tiidwurd *dwaan*:

(1) a. Nei in muoisume winter fan earmoedzjen en lijen **wrot en wraamt** se in like swiere of noch swierder simmer troch. [W. Cuperus, *Swart mar leaflik* 104 (1998[3])]
b. Hy **wrotte en wrotte** al syn libben, mar bedijde neat.
c. Hy **wrotte en die** fan moarns ier oant jûns let. [Tamminga (1963, 36)]

Dy trije typen fan ferbale hendiadys ha mien dat se in foech fersterking fan it earste tiidwurd bewurkje en duratyf aspekt útdrukke (*wrotte en wrame*, *wrotte en wrotte* en *wrotte en dwaan* betsjutte safolle as ‘fûl en oanhâldend wrotte’), mar se ûntrinne inoar ek yn folle ding. De ferskillen en oerienkomsten sille neier besprutsen wurde yn par. 2-4. Ik brûk mei sin de stilistyske term hendiadys foar de konstruksje, om my net yn ‘t foar fêst te lizzen op in strukturele analyze.[2] Sa’n analyze, dy’t alle trije typen fan ferbale hendiadys beflapt, sil ik yn par. 5-7 jaan. Ik begjin lykwols mei in beskriuwing fan ferbale hendiadys fan twa synonimen.

---

2. De term ferbale hendiadys wurdt yn ‘e literatuer ek wolris brûkt foar de konstruksje fan posysjoneel tiidwurd (*stean*, *sitte*, *lizze*) + *en* + haadtiidwurd yn bygelyks Nederlânske dialekten (*Zij zat en huilen*), dy’t ek duratyf aspekt útdrukt (ferl. Haslinger & Koppen 2002-2003).

2. Ferbale hendiadys fan twa synonimen

It giet by ferbale hendiadys fan synonymen sa yn it earste oankommen om in lykskikking fan twa (fierhinne) lykbestjuttende tiidwurden. It lyksikkende bynwurd is meast altyd *en*, mar der binne ek in pear foarbylden mei *of* en *noch* (sjuch hjirûnder). De twa tiidwurden binne atelysk (se ha net in natuerlik einpunt), agintyf (se ha in hanneljende persoan) en se drukke in minsklike fysike aktiviteit út. Ferlykje de neikommende foarbylden:

(2) fleane en drave — skreppe en klauwe
bûtse en slaan — rache en skelle
bongelje en tsiere — suchtsje en stinne
pûste en blaze — gûle en balte

Semantysk besjoen giet it by ferbale hendiadys net om in additive lykskikking fan twa hannelingen, lykas by lykskikkingen fan twa net-synonime tiidwurden (bgl. *ite en drinke*); de kombinaasje fan ‘e twa tiidwurden hat ien spesjale betsjutting (hendiadys = ien troch twa). Dêrby wurdt it earste tiidwurd fersterke en kriget de ferbining duratyf aspekt. De ferbining hat ek gauris in pejorative konnotaasje.

Dat de kombinaasje fan ‘e twa tiidwurden ien spesjale betsjutting hat, wurdt hiel dúdlik yn ferbiningen dêr’t beide tiidwurden of ien fan ‘e twa syngroan net rjucht mear teplak te bringen binne, al is dêr fansels net mear út te meitsjen oft it om synonimen giet en is de yntinsivearjend-durative betsjutting dêr ek net altiten klear te idintifisearjen:[3]

(3) heine en fiere
lette en sette
risse en riuwe
hoaie en troaie

Sa’t guon fan ‘e boppesteande foarbylden al sjen litte, kinne de twa tiidwurden alliterearje of rymje. Oare foarbylden mei alliteraasje binne:

(4) **r**oppe en **r**aze
kleie en **kl**ieme
swetse en **sw**eare
wrotte en **wr**ame

3. De yntinsivearjend-durative betsjutting mist der bygelyks dúdlikernôch by it sterk leksikalisearre *hâlde en drage*.

Rym hat men bygelyks ek yn:[4]

(5) **eamelje** en s**eamelje**
gr**auwe** en sn**auwe**
t**arre** en sm**arre**
w**askje** en pl**askje**

Guon gefallen fan ferbale hendiadys komme (suver) allinnich yn fêste útdrukkingen foar:[5]

(6) **hâlden en kearen** hawwe (mei immen/eat)
neat **te iten en te biten** hawwe
fiele en taaste kinne dat…
alles mar **rûze en waaie** litte
mei **snuven en prústen**

Dat jildt ek foar de pear gefallen mei *of* as lyksikkend bynwurd; dy oppenearje har yn in kondysjonele, konsekutive, ynterrogative of negative kontekst. Yn dy lêste kontekst kin ek in bynwurd *noch* opdûke.

(7) a. Hy kin **lipe of pipe**, …
Se mocht **hippe of springe**, …
b. Hoe't men it ek **draait of keart**, ...
c. net witte wêr't ien **stood of flein** is
net witte, wêr't men **wine of krûpe** sil
d. net **kikke of mikke**, sûnder **kikken of mikken**
Hy koe him **reppe noch roere**

De inkelde tiidwurden yn 'e ferbining kinne net modifisearre of komplemintearre wurde. Ferlykje:

(8) ...dat er [$_{VP}$ **ropt] en** [$_{VP}$ **lûd raast]**.
...dat er [$_{VP}$ **ropt] en** [$_{VP}$ **om syn mem raast]**.

Yn (8) hat men net mear mei in ferbale hendiadys te krijen, mar mei in lykskikking fan twa tiidwurdkloften (oer de struktuer fan ferbale hendiadys aansten mear).

4. Njonken rym en alliteraasje kin ritmyk ek in rol spylje. Yn 'e measte gefallen fan hendiadys fan synonimen hawwe de twa tiidwurden itselde tal wurdlidden.
5. Ferlykje ek *skepper en skriuwer*, dat guon faaks yntuïtyf as in ôflieding fan **skeppe en skriuwe* beskôgje sille (sjuch Tamminga 1985 foar de etymology).

De ferbining kin yn deselde posysjes foarkomme dêr't inkelde tiidwurden ek yn stean kinne, d.w.s. oan 'e ein fan 'e sin of oan it begjin fan 'e sin yn 'e twadde of earste sinposysje:

(9) a. ...dat er de hiele dei **fljocht en draaft**.
b. Hy **fljucht en draaft** de hiele dei.
c. **Fljuch en draaf** doch net sa!

Hja hâlde en drage har sadwaande as ien tiidwurd.
Fleksjonele en derivasjonele taheaksels oppenearje har op beide tiidwurden:

(10) Hy **ropt en raast** altiten sa.
Wat dochst ek sa **te roppen en te razen**?
Wat **beropst en beraast** de hiele tiid?
in **ropper en razer**[6]
gerop en geraas

Dat *roppe en raze* ek as earste lid fan in (Hollânske) gearsetting foarkomme kin, wurdt dúdlik yn it neikommende sitaat:

(11) Mocht u op de **'rop en raas' internetfora** of in discutabele columns in dagbladen lezen dat er geen predatoren zijn in Fryslân die muizen eten, denk dan even aan de Midwintertelling van 2015! [*Watervogeltellingen in Fryslân*, nr 6. Februari 2015]

It feit dat ferbale hendiadys fan synonimen ynput wêze kin foar wurdfoarmingsprosessen, lit sjen dat it dêrby om leksikalisearre ferbiningen giet. De beheining ta tiidwurden dy't minsklike fysike aktiviteiten útdrukke soe in leksikale restriksje wêze kinne. Boppedat kinne de ferbiningen betsjuttingen ha dy't oer de strukturele (intinsivearjend-durative) hinne geane; *roppe en raze* betsjut net allinnich 'lûd en oanhâldend roppe', mar ek 'in soad spul útjaan, sweeslaan'. In oare oanwizing foar leksikalisearring is moolk it feit dat it bynwurd *en* redusearje kin ta [ən]. Dat docht bygelyks bliken oan 'e neikommende oanhaal út in ynternetfoarum (*tsieren* is dêr troch haplology ûntstien út *tsieren en* [ən] of moolk earst gearlutsen út *tsiere en* yn sinnen lykas *Jimme moatte net sa tsieren bongelje*):

(12) mijn beppe zei altijd: "Hâld no ris op te **tsieren bongeljen**!" [https://www.ouders.nl/forum/off-topic-discussies/friezen-in-de-zaal (rieplachte op 20-9-2017)]

6. Fr. W. (1984) en WFT ha *in ropper en razer*, it Fr. Hwb. (2008) jout *in ropper en in razer* mei efterhelling fan it ûnbeskaat lidwurd. Yn teksten komme beide farianten foar.

Hoewol't hendiadys fan synonimen leksikalisearre is, is der frijwat fariaasje. Der binne gâns kombinaasjemooglikheden (*gûle en balte, beare, geie, moartsje, raze*) en de folchoarder leit net altyd fêst (*bongelje en tsiere* / *tsiere en bongelje*, *rache en skelle* / *skelle en rache*). Net elke ferbining fan twa synonimen hoecht nammers in ferbale hendiadys te wêzen. *Stroffelje en stuitelje* yn *Hy stroffele en stuitele ta de bar út* is earder in kombinaasje fan twa addityf lykskikte hast-synonimen, dy't twa aspekten fan 'e ûnfêste gong útdrukke. De ferbining hat dêr ek gjin duratyf aspekt. De grins tusken ferbale hendiadys fan synonimen en additive gearskikking fan hast-synonimen is fansels net altiten dúdlik oan te jaan.

3. Ferbale hendiadys fan twa gelikense tiidwurden

Njonken ferbale hendiadys fan twa synonimen fynt men ek hendiadys fan twa gelikense tiidwurden. Beide ferbiningen ha in einhinne deselde funksje; it twadde tiidwurd fersterket it earste en de ferbining hat duratyf aspekt. Ferlykje de neikommende foarbylden:

(13) a. De man **prate en prate**, ik besocht him wat út te kloarkjen en sette sa no en dan in fleske bier op tafel. [*De Doarpsskille* 34, 2 (2014), s. 28]
b. Ik fleach fuort sa hurd ik koe, mar koe it hikje yn de hage mei gjin mûglikheit iepen krije, hoe't ik **skuorde en skuorde**. [Ypk fan der Fear, *De Tsjerne* 73 (1957)]

By ferbale hendiadys fan twa gelikense tiidwurden binne der dúdlik minder beheiningen op 'e tiidwurden dy't yn 'e ferbining foarkomme kinne as by ferbale hendiadys fan twa synonimen. De tiidwurden binne atelysk, mar se hoege net perfoarst agintyf te wêzen. Ferlykje de foarbylden hjirûnder mei de (net-agintive) tiidwurden *falle* en *wachtsje*:

(14) a. Anske dy **foel en foel** hieltyd djipper ont er op 'e boaijem wie. [Ype Poortinga, *De ring fan it ljocht* 139 (1976)]
b. Dat die de jonge en doe mar **wachtsje en wachtsje**, mar de keapman kaem noait werom. [Ype Poortinga, *De ring fan it ljocht* 246 (1976)]

De tiidwurden kinne net allinnich fysike, mar ek geastlike aktiviteiten útdrukke:

(15) Tomke **tinkt en tinkt**. Hoe wie it ek al wer? [http:// www.tomke.nl/ alders/foarleze/it-ferhaaltsje-fan-de-moanne/tomkepoezen (rieplachte op 20-9-2017)]

Boppedat is it tiidwurd net beheind ta minsklike aktiviteiten. Ferdûbeling komt bygelyks ek foar by waartiidwurden:

(16) It begûn noch dyselde wike min waar te wurden. It **reinde en reinde**, en dêrmei begûn it hok te lekken. [Hylke Speerstra, *It wrede paradys* 93 (2001[8])]

Ferdûbele tiidwurden kinne bûgd wurde, mar gjin ynput wêze foar wurdfoarmingsprosessen, wat derop wize kin dat it dêrby om ferbiningen giet dy't yn 'e syntaksis foarme wurde. Yn paragraaf 5 sil ik neier op pearen fan twa gelikense tiidwurden yngean, om't it de fraach is, oft men dêr te krijen hat mei rippetysje of reduplikaasje.

4. Ferbale hendiadys mei dwaan

It tredde type fan ferbale hendiadys, de ferbining fan in tiidwurd mei it dummytiidwurd *dwaan*, hat yn 'e Fryske taalkundige literatuer it measte omtinken krige (ferl. WFT 4, s.v. *dwaan*, 29; Sytstra & Hof 1925, 188; Dykstra 1961, 30; Tamminga 1963; Popkema 2006, 243).[7] Sytstra en Hof skriuwe:

> Voorts komt dwaen dikwijls voor ter versterking van andere wwn., als 't ware om er het begrip van voortduring en intensiteit aan te geven.

Ferbale hendiadys mei *dwaan* is mei oare wurden ek wer fersterkjend en drukt duratyf aspekt út.

Ferlykje it neikommende foarbyld út it liet 'Fryslân boppe' fan Waling Dykstra:

(17) Fen alle talen op 'e wrâld,
Scil 'k Fryslâns tael, sa ryk en âld,
Altiid it measte minne.
Lit frjemden dêr op **smeule en dwaen**,
Dat is hjar heel wol ta to jaen:
't Komt dát se ús tael net kenne.

7. De konstruksje komt by de hiele Noardseekust lâns foar; men fynt him ek yn it Katwyksk (Overdiep 1937, 132), yn it Westfrysk (Pannekeet 1995, 374), yn it Grinslânsk (ter Laan 1953, 156-157), yn it Sealtersk (Fort 2015, s.v. *dwo*), yn it Noardfrysk (FÖW, s.v. *du*) en yn it Leechdútsk (Meyer 1983, 103, Thies 2011, 94).

Leopold & Leopold (1882, 50), dy't dat liet opnommen ha yn har blomlêzing 'Van de Schelde tot de Weichsel', jouwe as kommintaar op *smeule en dwaan*:[8]

> Smeule en dwaen, smalen en doen; dit doen vervult gewoonlijk den dienst van een synoniem van 't voorafgaande werkwoord en zet hieraan daardoor meer klem bij.

It kommintaar drukt de (yn it earste oankommen oannimlike) opfetting út dat *dwaan* in foech synonym of ramplesant fan it earste tiidwurd yn 'e konstruksje is. Sa't yn paragraaf 6 sjen litten wurde sil, is dat lykwols net it gefal.

Dwaan kin net allinnich mei tiidwurden foarkomme dy't atelysk en agintyf binne en minsklike fysike aktiviteiten útdrukke, mar bygelyks ek mei waartiidwurden:

(18) It **reint en docht** de hiele hjerst al. [Sytstra & Hof (1925, 188)]

Tiidwurden foar net-agintive en net-fysike aktiviteiten akkordearje lykwols net rjucht mei *dwaan*:

(19) a. ?Hy **prakkesearre en die**, mar hy koe der net op komme.
b. *Hja **wachte en die**, mar hy kaam net.

Dat strykt mei it feit dat it lichte tiidwurd *dwaan* yn it ginneraal net sa goed akkordearret mei tiidwurden dy't net-fysike aktiviteiten útdrukke, sa bygelyks ek by VP-pronominalisaasje:[9]

(20) a. Elske <u>sjongt</u> en Doutsen **docht** it ek.
b. ?Elske <u>prakkesearret</u> en Doutsen **docht** it ek.
c. *Elske <u>wachtet</u> en Doutsen **docht** it ek.

Ferbale hendiadys mei *dwaan* kin, likemin as ferbale hendiadys fan twa gelikense tiidwurden, ynput wêze foar wurdfoarmingsprosessen. It kin lykwols al mei it foarheaksel *be-* foarkomme, bygelyks yn it foarbyld yn (21):

(21) Al hwet de man ek **birôp en bidie**, it bist gong net foart. [S.J. v.d. Molen, *sêgeboek* 117 (1939)]

It prefiks wurdt dêr sawol op it haadtiidwurd as op *dwaan* realisearre, mar dat hoecht net perfoarst. Ferlykje *Al hwat de man ek berôp en (be)die*.., dêr't

8. Nei alle gedachten komt it kommintaar feitliks fan Gerben Colmjon, dy't oan it Fryske diel van 'Van de Schelde tot de Weichsel' meiwurke hat.
9. Faaks spilet ynterferinsje mei it leksikale tiidwurd *dwaan* 'hannelje, wat út 'e wei sette' dêrby in rolle.

be- foar *die* opsjoneel is, mei *Al wat de man ek bewrotte en bewraamde...*, dêr't it prefiks *be-* foar *wraamde* der net misse mei. In besprek fan it foarheaksel *be-* falt bûten it bestek fan dit artikel, mar sjuch foar ûnderskate analyzen dy't dêrop útwolle dat *be-* in syntaktysk prefiks is Hoekstra, Lansu & Westerduin (1987), Gronemeyer (1995) en Fenger, Creemers & Meijer (2015). Ferlykje ek de neikommende foarbylden út âlder Frysk, dy't suggerearje dat *be-* net oan in inkeld tiidwurd, mar oan in hiele tiidwurdkloft taheakke wurdt:

(22) a. Hwet **bi**-falle jy de Master yet lêstich? [S.K. Feitsma, *Het evangelie van Markus* 27 (1897)]
b. Hwat **bi**hingest ek tsjin dat rút oan; nou is it stikken. [WFT 2, s.v. *behingje*]

Ien en oar soe der yn alle gefallen op wize kinne dat ferbale hendidadys mei *dwaan* lykas ferbale hendiady fan twa gelikense tiidwurden yn 'e syntaksis foarme wurdt.

In opfallend en wichtich ferskil tusken ferbale hendiadys mei *dwaan* en dy mei oare tiidwurden is dat de ferbining mei *dwaan* primêre klam op it haadtiidwurd en sekondêr aksint op *dwaan* hat (ˈ*wrotte en* ˌ*dwaan*), lykas ûnder oaren de ferbining fan haadtiidwurd en helptiidwurd, bgl. ˈ*iten* ˌ*hat*, ˈ*wurkje* ˌ*wol*, ˈ*bouwe* ˌ*lit*.[10] Yn 'e oare gefallen fan ferbale hendiadys krije beide tiidwurden primêre klam (ˈ*wrotte en* ˈ*wrame*, ˈ*wrotte en* ˈ*wrotte*). Yn myn analyze fan ferbale hendiadys yn paragraaf 6 sil dat ferskil ek dúdlik útkomme.[11]

10. Sipma (1913, 78) fettet *smeule-en-dwaen* op as in gefal fan 'co-ordinating composition' en set it op ien strreek mei wurden lykas *ien-en-tweintich*, *hynder-en-wein*, *ier-en-betiid* en *wech-ende-wear*. Dat is allinnich al op grûn fan 'e klam net wierskynlik. De oare foarbylden ha primêre klam op beide lidden (ˈ*ien-en-*ˈ*tweintich*) of op it lêste (*hynder-en-*ˈ*wein*). Yn Sipma (1949-III, 45) wurdt *smeule en dwaen* (mei bygelyks *rinne en drave*) as in lykskikkende wurdkloft beskôge. Lykskikkende wurdkloften ha lykwols ornaris primêre klam op beide lidden.
11. Men soe it klampatroan yn *wrotte en dwaan* ferlykje kinne mei dat yn *boeken-en-sa* en *Jeltsje-en-dy* en ornearje dat it 'proferbum' *dwaan* gjin primêre klam kriget om deselde reden dat de pronomina *sa* en *dy* dy net hawwe. De ferbiningen *boeken-en-sa* en *Jeltsje-en-dy* binne lykwols addityf en *-en-sa* en *-en-dy* hawwe har ta in foech efterheaksels ûntjûn (sj. foar *-en-dy* Hoekstra 1988). Dêrfoaroer binne ferbiningen lykas *wrotte en dwaan* net addityf (hoewol't Visser & Dyk 2002, s.v. *dwaan* sa't it liket op in additive ynterpretaasje fan ferbale hendiadys mei *dwaan* yn it Skiermûntseagersk útwolle). It efterheaksel *-en-sa* kin nammers ek by tiidwurden brûkt wurde: *nifelje en sa* (nifelje en ferlykbere hannelingen ferrjuchtsje).


5. Leksikale koördinaasje, rippetysje en reduplikaasje

Hoewol't der ferskillen binne tusken de trije typen fan ferbale hendiadys, binne der ek grutte oerienkomsten. Yn alle trije typen fersterket it twadde tiidwurd it earste, likefolle oft it in kopy, in synonym of in 'ramplesant' dêrfan is. Boppedat drukke alle trije typen duratyf aspekt út. Dat is net it gefal by gewoane addityf koordinearre tiidwurden. Ferlykje:

(23) a. Hy **skjirret en fervet** de stoel.
b. Hja **wenne en wurke** yn Frjentsjer.

Abeillé (2006) wol derop út dat it yn soksoarte fan gefallen ornaris yndie om in lykskikking fan keale tiidwurden giet en net om koordinearre tiidwurdkloften mei ellipsis, saneamde *Right Node Raising* (al kinne de boppesteande sinnen mei kontrastive klam op 'e beide tiidwurden ek in RNR-lêzing krije). Men soe oannimme kinne dat koordinearre tiidwurden de struktuer hawwe fan in leksikale konjunksje (de konjunksje kriget dêrby de kategoriale skaaimerken fan 'e konjunkten oer, dus Conj = V):

(24)



Der binne beheiningen op 'e tiidwurden dy't yn 'e ferbining foarkomme kinne. De tiidwurden moatte ta itselde semantyske type hearre en deselde semantyske rollen tawize oan har mienskiplike arguminten. Neffens Abeillé (2006, 17) moatte de twa tiidwurden boppedat "be understood as forming a natural activity, or a natural class of process, so that they denote one (possibly complex) event." Sels by twa lykskikte ûngelikense tiidwurden is der dus al in oanstriid om dy semantysk as ienheid op te fetsjen.

Yn it gefal fan ferbale hendiadys, dêr't it hjir om te rêden is, is de ferbining fan twa tiidwurden net addityf. De ferbining fan twa gelikense tiidwurden soe yn prinsipe in gefal fan *rippetysje* of fan (totale) *reduplikaasje* wêze kinne.[12] It is lestich om tusken dy twa ferskynsels te ûnderskieden, wat jin

12. Foar algemiene opmerkingen oer en foarbylden fan rippetysje yn it Frysk, sjuch Sipma (1949-II, 25) en Tsjepkema (1997b).

ek gjin nij hoecht te dwaan, om't reduplikaasje histoarysk gauris út rippetysje ûntstien is. Gil (2005) jout de neikommende list fan (net alhiel eksklusive) ferskillen:

(25) Gil (2005):

Criterion	**Repetition**	**Reduplication**
1. unit of output	greater than word[13]	equal to or smaller than word
2. communicative reinforcement	present or absent	absent
3. interpretation	iconic or absent	arbitrary or iconic
4. intonational domain of output	within one or more intonation groups	within one intonation group
5. contiguity of copies	contiguous or disjoint	contiguous
6. number of copies	two or more	usually two

Besjuch it neikommende sitaat:

> Der stie ergens yn in greate skuorre in greate berch sied. Doe kom der in sprinkhoanne oan. Dy makke boven yn dy siedbult in gatsje. Mar dat wie lytsernôch om der troch, hwant hy moest **wrotte en wrotte** om foarút to kommen. De sprinkhoanne **wrotte en wrotte en wrotte** him der troch en hy snapte in siedkerl en dêr fleach er mei fuort. … Wel, doe kom der in oare sprinkhoanne oan en **dy wrotte en dy wrotte en dy wrotte en dy wrotte** troch in gatsje en hy snapte in siedkerl en dêr fleach er mei fuort. [*Kolleksje Jaarsma*, ferslach 777, ferhaal 1: Klaas Land, It Wytfean 1970]

In dúdlik gefal fan rippetysje is dêr it fjouwerris efterheljen fan ûnderwerp en tiidwurd (*dy wrotte en dy wrotte en dy wrotte en dy wrotte*).[14] De kopy is grutter as in wurd (kritearium 1), de rippetysje hat dúdlikernôch in kommunikatyf (narratyf) fersterkjende funksje (kritearium 2), de betsjutting is ikoanysk, d.w.s. it bleate efterheljen fan ûnderwerp en tiidwurd suggerearret iterativiteit, it efterheljen fan 'e hanneling (kritearium 3), der kin in foech pau-

13. Faaks earder 'equal to or greater than word', at rippetysje ek in leksikale koördinaasje fan twa gelikense tiidwurden wêze kin (sjuch it besprek yn 'e tekst).
14. It giet hjir en yn 'e oare foarbylden yn it sitaat om syndetyske rippetysje (mei help fan in konjunksje). Der is lykwols ek asyndetyske rippetysje (*de sprinkhoane wrotte, wrotte, wrotte*). Oer syndetyske en asyndetyske reduplikaasje/rippetysje sjuch Stolz (2009) en oer de eigenskippen fan asyndetyske rippetysje fan tiidwurden yn it Frânsk Richard (2004).

ze foar *en* komme, dat der binne fjouwer yntonaasjekloften (kritearium 4), en it tal kopyen is mear as twa (kritearium 6). Kritearium 5 is yn dit gefal net ûnderskiedend.

Lykskikkingen fan trije (of mear) gelikense tiidwurden soe ik ek ûnder rippetysje beflappe wolle. Dy kinne ek mei in koart skoft foar *en* útsprutsen wurde (*de sprinkhoanne wrotte | en wrotte | en wrotte*) en foarmje sadwaande trije (of mear) yntonaasjekloften (kritearium 4). Boppedat kin de lykskikking spjalt wurde (kritearium 5). Ferlykje dêrfoar bygelyks de neikommende oanhaal:

(26) En wylst alle kearen dat hja swier wie **wurke** hja. **En wurke**. **En wurke**. [http://home.deds.nl/~hotelpostma/janna/jannafri.html (rieplachte op 6-9-2017)]

Ferbiningen fan twa gelikense tiidwurden binne nei myn betinken ambigú tusken in ynterpretaasje as rippetysje of as reduplikaasje. Yn ‘e kontekst fan it sitaat hjirboppe is *wrotte en wrotte* foar ‘t neist in rippetysje mei ikoanyske iterativiteit. Yn oanhalen lykas

(27) a. Ik **draaide en draaide**, kearde it kessen kear op kear om, mar it holp neat, de sliep kaam net. [Tjitte Piebenga, *It lyk wurdt oantaast* 57 (1998[2])]
b. De bolle **wraamde en wraamde**. Fjouwer kear, fiif kear. Oant syn slachtoffer as in fodde yn ‘t stikeltried hong. [Hylke Speerstra, *It wrede paradys* 135 (2001[8])]
c. Free **draafde en draafde**, earst nei de beammen, dan it stek, dan wer werom. [Geart van der Meer, *De griene ierde* 261 (2013)]

suggerearret de omtekst ek dat it dêr om in efterhelling fan aksjes giet. Dêrfoaroer soe *wrotte en wrotte* yn (28) in gefal fan reduplikaasje wêze kinne:

(28) Hy **wrotte en wrotte** al syn libben, mar bedijde neat.

De ynterpretaasje is dêr net sa lyk ikoanysk iteratyf, mar earder duratyf en in pauze foar *en* of spjalting is dêr sa’t it liket ûnmooglik (**Al syn libben wrotte er en wrotte*). By ferbiningen fan twa gelikense tiidwurden bliuwt it lykwols tige lestich om te bewizen, oft men mei rippetysje of reduplikaasje te krijen hat. Men soe úthâlde kinne dat it ferskil tusken ikoanysk iteratyf en duratyf net struktureel is, mar inkeld fan ‘e kontekst ôfhinget. Sa’t lykwols yn ‘e neikommende paragraaf sjen litten wurde sil, jout hendiadys mei *dwaan* yndirekte evidinsje foar in reduplikaasjestruktuer njonken in rippetysjestruktuer.

Ik gean derfan út dat rippetysjes gewoane lykskikkingen binne mei it bynwurd *en* lykas de lykskikkingen fan twa ûngelikense tiidwurden. Rippetysjes ha mei lykskikkingen fan ûngelikense tiidwurden mien dat der in pauze wêze kin foar it bynwurd (*Hy skjirret | en fervet de stoel*) en dat se spjalt wurde kinne (*De hiele dei skjirre er en ferve*).[15]

Alle trije gefallen fan ferbale hendiadys dy't hjir op it aljemint binne, hawwe in net-additive, net-ikoanyske betsjutting en litte gjin pauze foar *en* en gjin spjalting ta. Dy soe ik dêrom as reduplikaasjes beskôgje wolle. Ik nim oan dat *en* yn reduplikaasjes net mear as lykskikkend bynwurd opfette wurde moat, mar dat it grammatikalisearre is ta in efterheaksel. Dat efterheaksel selektearret it earste tiidwurd yn 'e ferbining as basis:

(29) [V -en$_{dur,\ red}$]

It efterheaksel *-en* hat in aspektueel (duratyf) skaaimerk [dur] en in reduplikaasjeskaaimerk [red] dat yn prinsipe bewurket dat yn 'e fonologyske komponint in kopy fan it grûnwurd rjuchts fan *en* realisearre wurdt.[16] Yn 'e syntaksis (en yn 'e semantyk) is dy kopy ûnsichtber.[17]

6. Analyze

Ik soe no in analyze fan ferbale hendiadys útstelle wolle dêr't alle trije typen dy't hjir besprutsen binne, ûnder beflapt wurde kinne en dy't de wichtichste ferskillen en oerienkomsten tusken de trije typen ferklearret. Yn 't foar in stikmannich algemiene oannamen oangeande de struktuer fan 'e tiidwurdkloft: Ik gean der fan út dat de projeksje fan in leksikaal tiidwurd (VP) ynbêde is ûnder in funksjonele tiidwurdprojeksje (vP) mei in licht tiidwurd (DO) as haad (ferl. Chomsky 1995, 315 e.f., Kratzer 1996, Hoekstra 2016). It leksikale tiidwurd adjungearret oan dat lichte tiidwurd, dat meast kovert bliuwt, mar dat fonetysk realisearre wurde kin en sels moat, at de sin oars net in tiidwurd hat, bygelyks by VP-pronominalisaasje (*it* stiet yn (30) foar de VP *in ferske sjonge*):


(30) Elske sjongt in ferske en Doutsen **docht** it ek.

15. Spjalting is inkeld mooglik, at de tiidwurden gjin mienskiplik foarwerp of bywurdlike bepaling ha (??*Dy stoel skjirre er en ferve*).
16. De fersterkjende funksje, dy't ferbale hendiadys ek hat, is net as skaaimerk fan it efterheaksel opnommen. Dat soe men dwaan kinne, mar it kin ek wêze dat de fersterking rein ikoanysk is, d.w.s. allinnich mar in effekt fan it feit dat de ferbale hendiadys langer is, mear foarm hat, as it inkelde tiidwurd.
17. Sjuch foar in ferlykbere reduplikaasje-analyze fan wurdkloften lykas *Jahr für Jahr* en *Seite nach Seite* yn it Dútsk Müller (2011).

Tusken vP en VP kinne noch oare funksjonele projeksjes stean, bygelyks in Aspect Phrase (AspP).[18]

Ik soe ferbale hendiadys yn it Frysk no syntaktysk ôfliede wolle lykas hjirûnder oanjûn is (sjuch foar in ferlykbere oanpak Diesing (1998) har analyze fan lichte tiidwurdkonstruksjes yn it Jiddysk):

(31)



It aspektuele efterheaksel -EN stiet yn ‘e haadposysje fan ‘e AspP en selektearret in leksikaal tiidwurd.[19] It leksikale tiidwurd V wurdt út ‘e leksikale tiidwurdkloft ferheft nei de haadposysje fan ‘e AspP, dêr’t it him ferbynt mei it efterheaksel. Dêrnei wurdt it V-Asp-kompleks adjungearre oan it lichte tiidwurd DO. It V-Asp-DO-kompleks kin as gehiel fierder ferskowe nei hegere tiidwurdposysjes.[20]

Utgeande fan lette leksikale ynsersje (Halle and Marantz 1993) wurdt yn ‘e fonologyske komponint de abstrakte morfosyntaktyske skaaimerkbondels leksikalisearre:

---

18. It giet dêrby om in lege AspP, dy’t leksikaal aspect of Aktionsart útdrukt. Der is ek in hege AspP, dêr’t grammatikaal aspekt útdrukt wurdt.
19. De notaasje -EN tsjut it abstrakte efterheaksel *-en* oan. Ik gean der fan út dat dat yn ‘e syntaksis in skaaimerkbondel is mei yn alle gefallen it aspektskaaimerk en it reduplikaasjeskaaimerk. Dy skaaimerkbondel wurdt dan yn ‘e fonologyske komponint útstavere as *-en*.
20. Yn it Dútsk binne ek lykskikkingen fan modale helptiidwurden mooglik (altiten mei negaasje):

    (i) a. Er **will und will** (**und will**) nicht schlafen.
    b. Sie **konnte und konnte** (**und konnte**) nicht aufhören.

    Dêrby giet it lykwols nei alle gedachten om rippetysjes.

(32) [[V -EN] DO] → wrotte en wrotte
wrotte en dwaan
wrotte en wrame

It reduplikaasjeskaaimerk op -EN kin bewurkje dat rjuchts fan *en* in kopy fan it grûnwurd realisearre wurdt; it dummytiidwurd bliuwt kovert. Dat smyt *wrotte en wrotte* op.

Oan ‘e reduplikaasjeferplichting kin lykwols ek foldien wurde, at de kopy net útstavere wurdt, mar at it dummytiidwurd DO fonetysk realisearre wurdt. Dat laat ta *wrotte en dwaan*. Dat it dummytiidwurd DO in leech tiidwurd mooglik meitsje kin, docht ek bliken oan ‘e neikommende foarbylden:

(33) a. Wat **giest**/**dochst** ek nei Ljouwert ta?
b. Wat silst dêr ek hinne (**gean**/**dwaan**)?

It tiidwurd *gean* kin bytiden weilitten wurde, at de sin in rjuchtingsoantsjutting befettet en at der in helptiidwurd is dat de bûgingsútgongen drage kin (ferl. Hoekstra 1997, hdst. 6). Yn ‘e sinnen hjirboppe kin in leech *gean* troch it dummytiidwurd *dwaan* lisinsjearre wurde. It ferskil yn klam tusken ferbale hendiadys mei *dwaan* en ferbale hendiadys mei twa gelikense (of synonime) tiidwurden, dat wy yn paragraaf 4 obstrewearre ha, folget streekrjucht út it feit dat de reduplikaasje ynbêde is ûnder it lichte tiidwurd DO en dat it net-haad primêre klam kriget (ferl. Cinque 1993). It foarkommen fan ferbale hendiadys mei *dwaan* foarmet in yndirekt argumint foar it bestean fan ‘e reduplikaasjestruktuer; in echte koördinaasje fan in leksikaal tiidwurd en it funksjonele tiidwurd *dwaan* soe min te ferklearjen wêze.[21] At it argumint doocht, dan soe yn talen dy’t ferbale hendiadys mei *dwaan* hawwe, de koördinaasje fan twa gelikense tiidwurden ta in reduplikaasjestruktuer weranalysearre wêze, wylst soks yn talen dy’t de konstruksje mei *dwaan* net hawwe (Hollânsk, Dútsk), net it gefal wêze soe.[22]

---

21. In koördinaasje mei in tiidwurd mei in leksikaal tiidwurd *dwaan* ‘hannelje, eat út ‘e wei sette’ is mooglik. Ferlykje *sizze en dwaan*. Dêr giet it lykwols dúdlikernôch om in additive lykskikking en krije beide tiidwurden primêre klam.
22. Yn it Hollânsk is ferbale hendiadys mei *doen* mooglik, mar sa’t it liket allinnich yn ‘e ynfinityf:
(i) Onze kat bleef maar **krabben en doen**.
(ii) En ik maar **lachen en doen**.
(iii) een man die alsmaar aan het **klussen en doen** is
Faaks is yn it Holânsk it efterheaksel -EN defektyf, d.w.s. inkeld tastien, at it lisinsjearre wurdt fan in heger aspektueel (duratyf) haad (*blijven*, *maar*, *aan*). De

Ta beslút kin de hiele reduplikaasjestruktuer [V -EN] direkt leksikalisearre wurde troch de kant en kleare leksikale kloft *wrotte en wrame*, dêr't *en* ek it aspektuele efterheaksel is en dêr't oan 'e reduplikaasjeferplichting leksikaal foldien is troch it synonym *wrame*. It dummytiidwurd DO bliuwt yn dat gefal wer kovert. It muoi grutte tal fan leksikalisearre tiidwurd + synonym-ferbiningen yn it Frysk soe ek gearhingje kinne mei it beskikber wêzen fan 'e reduplikaasjestruktuer. Synonimepearen kinne yn it Frysk weranalysearre wurde as reduplikaasjes, mar wurde yn dat gefal fuort nei it leksikon ôffierd, om't in synomym reduplikaat by definysje ideosynkratysk is.

7. Reduplikaasje mei dummy-tiidwurd of synonym

Ferbale hendiadys is hjir analysearre as in soarte fan reduplikaasje. Dat by reduplikaasje it reduplikaat in folsleine kopy is fan it grûnwurd (totale reduplikaasje), komt withoefaak foar. Mar it liket moolk wat apart om in dummytiidwurd of in synonym as reduplikaat te beskôgjen.[23] Der binne lykwols wol foargoed foarbylden fan reduplikaasje dêr't in folsleine of parsjele kopy fariearret mei in dummytiidwurd of in synonym.

In topikalisearre tiidwurd wurdt yn it Frysk gewoanwei opnommen troch it dummytiidwurd *dwaan*, mar der binne talen dêr't him yn sa'n gefal in folsleine kopy fan it tiidwurd oppenearje kin, bygelyks it Jiddysk (Källgren & Prince 1989) of dialekten fan it Dútsk (Fleischer 2008):

(34) a. Sjonge **docht** er net.
b. leyenen **leyent** er dos bukh yetst. (Jiddysk)
'Lêze, docht (lêst) er it boek no'
c. Schlafen **schläft** er nicht. (Dútsk, dial.)
'Sliepe docht (sliept) er net'

Yn it Hindy, ien fan 'e talen fan Ynje, besteane der gearsettingen fan twa synonime haadwurden, it earste in erfwurd, it twadde in Perso-Arabysk lienwurd, mei de betsjutting 'N en sa'. Dêrnjonken besteane der foarmingen mei echowurdreduplikaasje, mar mei deselde betsjutting (Singh 1982).

(35) a. dhan-daulat 'jild en sa (jild-jild)' (Hindy)
sneh-muhabbat 'leafde en sa (leafde-leafde)'
b. roti-voti 'bôle en sa'
namak-vamak 'sâlt en sa'

situaasje yn it Hollânsk soe de earste stap wêze kinne yn 'e ûntjouwing fan it lykskikkende bynwurd *en* ta in efterheaksel, fan in lykskikking ta in reduplikaasjestruktuer.

23. It dummytiidwurd is feitliks in sabeare reduplikaat; it wurdt realisearre, at it reduplikaat kovert bliuwt.

Sjuch foar oare foarbylden en in besprek fan reduplikaasje mei synonimen ek Inkelas & Zoll (2005).

8. Einbeslút

Yn dit artikel haw ik trije typen fan ferbale hendiadys yn it Frysk meiinoar ferlike: leksikalisearre ferbiningen fan twa synonimen en syntaktyske ferbiningen fan twa gelikense tiidwurden en fan in tiidwurd en it dummytiidwurd *dwaan*. Al dy trije typen hawwe duratyf aspekt. Ik haw in analyze útsteld dêr't *en* in aspektueel suffiks is mei in reduplikaasjeskaaimerk dat yn prinsipe bewurket dat it grûnwurd ferdûbele wurdt. Oan 'e reduplikaasjeferplichting kin lykwols net allinnich foldien wurde troch it kopiearjen fan it grûnwurd, mar ek troch troch it útstaverjen fan it dummytiidwurd *dwaan* of troch it ynfoegjen fan in kompleet leksikaal synonimepear. Der is reden om oan te nimmen dat ferbale hendiadys mei *dwaan* inkeld foarkomt yn talen (of yn konteksten) dêr't de lykskikking fan twa gelikense tiidwurden of twa synonimen weranalysearre wurde kin as in reduplikaasjestruktuer.

LITERATUER

Abeillé, Anne. 2006. In defense of lexical coordination. Yn: Olivier Bonami & Patricia Cabredo Hofherr (eds.). *Empirical Issues in Syntax and Semantics* 6, 7-36 (http://www.cssp.cnrs.fr/eiss6, rieplachte op 6-9-2017)

Chomsky, Noam. 1995. *The Minimalist Program*. Cambridge, Mass.: MIT Press.

Cinque, Guglielmo 1993. A null theory of phrase and compound stress. *Linguistic Inquiry* 24, 239-297.

Diesing, Molly. 1998. Light Verbs and the Syntax of Aspect in Yiddish. *The Journal of Comparative Germanic Linguistics* 1.2, 119-156.

Dykstra, Jan K. 1961. *Op 't aljemint*. Drachten: Laverman.

Fenger, Paula, Ava Creemers & Marlijn Meijer. 2015. On the syntactic nature of the Dutch prefix *be-*. Yn: Björn Köhlein &, Jenny Audring (bes.), *Linguistics in the Netherlands 2015*. Amsterdam: John Benjamins, 48-62.

Fleischer, Jürg. 2008. Zur topikalisierenden Infinitivverdopplung in deutschen Dialekten: trinken trinkt er nicht, aber rauchen raucht er (mit einem Exkurs zum Jiddischen). Yn: P. Ernst & F. Patocka (bes.), *Dialektgeographie der Zukunft. Akten des 2. Kongresses der internationalen Gesellschaft für Dialektologie des Deutschen (IGDD) am Institut für*

Germanistik der Universität Wien, 20. bis 23. September 2006. [Zeitschrift für Dialektologie und Linguistik. Beihefte 135] Stuttgart: Steiner, 243-268.

Fort, Marron C. 2015. *Saterfriesisches Wörterbuch*. Hamburg: Buske.

FÖW = F*ering-Öömrang Wurdenbuk*. Herausgegeben von der Nordfriesischen Wörterbuchstelle der Christian-Albrechts-Universität zu Kiel. Neumünster: Wachholtz (2002).

Fr. Hwb. (2008) = *Frysk Hânwurdboek*. Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk.

Fr. W. (1984) = *Frysk Wurdboek*. Frysk-Nederlânsk. Hânwurdboek fan ‘e Fryske taal gearstald troch J.W. Zantema. Leeuwarden/Ljouwert: Osinga.

Gil, David 2005. From Repetition to Reduplication in Riau Indonesian. Yn: Bernard Hurch (bes.), *Studies on reduplication*. Berlin: de Gruyter, 31-64.

Gronemeyer, Claire. 1995. Swedish applied verbs derived by the prefix *be-*. *Working Papers, Lund University, Dept. of Linguistic* 44, 21-40.

Halle, Morris & Alec Marantz. 1993. Distributed Morphology and the Pieces of Inflection. Yn: K. Hale and S. Keyser (bes.), *The View from Building 20*. Cambridge: MIT Press, 111-176.

Haslinger, Irene & Marjo Koppen. 2002-2003. De verbale hendiadys als pseudocoördinatie. *Taal & Tongval* 15-16 (Themanummer), 102-122.

Hoekstra, Jarich. 1988. Taalsnipels 71, 72: Jan-en-dy. *Friesch Dagblad* 23-4-1988, 7-5-1988.

Hoekstra, Jarich. 1997. *The syntax of infinitives in Frisian*. Ljouwert: Fryske Akademy.

Hoekstra, Jarich. 2016. Beyond *Do*-Support and *Tun*-Periphrasis: The Case of Finite Verb Doubling in Karrharde North Frisian. *Journal of Germanic Linguistics* 28, 317-348.

Hoekstra, Teun, Monic Lansu & Marion Westerduin. 1987. Complexe verba. *GLOT* 10, 61-79.

Inkelas, Sharon & Cheryl Zoll. 2005. *Reduplication. Doubling in Morphology*. Cambridge: Cambridge University Press.

Källgren, Gunnel & Ellen F. Prince. 1989. Swedish VP-Topicalization and Yiddish Verb-Topicalization. *Nordic Journal of Linguistics* 12, 47-58.

Kratzer, Angelika. 1996. Severing the External Argument from its Verb. In: Johan Rooryk & Lauri Zaring (bes.), *Phrase Structure and the Lexicon*. Dordrecht: Kluwer, 109-137.

Laan, K. ter. 1953. *Proeve van een Groninger Spraakkunst*. Winschoten: van der Veen.

Leopold, Johan A. & Lubbertus Leopold. 1882. *Van de Schelde tot de Weichsel*. Deel 3: Friesland. Groningen: Wolters.

Meyer, Gustav Friedrich. 1983. *Unsere plattdeutsche Muttersprache. Beiträge zu ihrer Geschichte und ihrem Wesen*. St. Peter-Ording: Lühr & Dircks.

Müller, Gereon. 2011. Regeln oder Konstruktionen? Von verblosen Direktiven zur sequentiellen Nominalreduplikation. Yn: S. Engelberg, A. Holler & K. Proost (bes.), *Sprachliches Wissen zwischen Lexikon und Grammatik*. Berlin: De Gruyter, 211–249.

Overdiep, Gerrit S. 1937. *Stilistische grammatika*. Zwolle: Tjeenk-Willink.

Pannekeet, Jan. 1995. *Het Westfries. Inventarisatie van dialectkenmerken*. Wormerveer: Stichting Uitgeverij Noord-Holland.

Popkema, Jan. 2006. *Grammatica Fries. De regels van het Fries*. Utrecht: Het Spectrum.

Richard, Élisabeth. 2004. Le redoublement peut-il intensifier un prédicat? Yn: *Travaux de Linguistique du Cerlico*. Rennes: Presses Universitaires de Rennes, 143-152.

Singh, Rajendra. 1982. On some 'redundant compounds' in modern Hindi. *Lingua* 56, 345-351.

Sipma, Pieter. 1913. *Phonology & grammar of modern West Frisian; with phonetic texts and glossary*. Londen ensfh.: Oxford University Press.

Sipma, Pieter. 1948-I, 1949-II, 1949-III. *Ta it Frysk I-III*. Boalsert: Osinga.

Sytstra, Onno H. & Jan J. Hof. 1925. *Nieuwe Friese Spraakkunst*. Leeuwarden: van der Velde.

Stolz, Thomas. 2009. Total reduplication: syndetic vs. asyndetic patterns in Europe. *Grazer Linguistische Studien* 71, 99-113.

Tamminga, Douwe A. 1963. Dwaen is in ding. Yn: *Op 'e taelhelling. Losse trochsneden fan Frysk taellibben*. Boalsert: Osinga, 36-38.

Tamminga, Douwe A. 1985. Skepper en skriuwer. Yn: *Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer*. Estrikken 67. Frysk Ynstitút oan de Rijksuniversiteit Grins, 59-60.

Thies, Heinrich. 2011. *Plattdeutsche Grammatik. Formen und Funktionen*. Münster: Wachholtz.

Tsjepkema, H. 1997a. Wurdpearen. Yn: *Efkes taalbuorkje II*. Boalsert: Koperative Utjowerij, 64-66.

Tsjepkema, H. 1997b. Herhelling. Yn: *Efkes taalbuorkje II*. Boalsert: Koperative Utjowerij, 172-174.

Visser, Willem & Siebren Dyk. 2002. *Eilander Wezzenbúek. Woordenboek van het Schiermonnikoogs*. Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy.

WFT = *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal*. Fryske Akademy: Ljouwert (1984-2012).

TAHEAKKE: Hendiadys fan twa synonyme tiidwurden yn it Frysk

bidde en smeke
bongelje en tsiere (tsiere en bongelje)
bûtse en slaan
dookje en stookje
draaie of keare
eamelje en seamelje
ferreppe noch ferroere
fiele en taaste
fjuchtsje en slaan
flaaie en flieme
fleane en drave
flokke en swarre
gripe en grape
gabje en geie
gastje en brasje
grauwe en snauwe
grieme en klieme
grobje en gnobje
gûle en balte / beare / geie / moartsje / raze
haffelje en baffelje / tsjaffelje
hâlde en drage
hâlde en keare
heine en fiere / slaan / troaie
helje en skuorre
hymje en pûste
himme en brimme
hingje en wjirgje
hingelje en bingelje
hippe of springe
hoaie en troaie
hoastje en blaffe
hobbelje en bobbelje / drobbelje / trobbelje / stobbelje
hoedzje en noedzje
hompe en stompe
hosse en bosse
houwe en slaan
ite en bite
jeie en driuwe
kikke of mikke
kleie en klieme / grine
krite en kleie /stinne
lette en sette
lipe en/of pipe
lûke en skuorre
pûste en blaze
poffe en blaze
pompe en stompe
rache en skelle (skelle en rache)
reppe noch roere
rilje en skodzje
rinne en drave
risse en riuwe
roaie en ploaie
ropje en skuorre
roppe en raze
rosse en reuvelje
rôve en rute
rûze en waaie
sane en mane
[skepper en skriuwer]
skeuke en skobje
skikke en ploaie
skreppe en klauwe
skreppe en sette
skriuwe en wriuwe
snuve en prúste
stelle en rave
stinne en blaze
stinne en grine
stowe en fleane
suchtsje en stinne / grine
sûpe en sette
swaaie en swiere
swetse en sweare
tarre en smarre
tsiere en tsjitte (tsjitte en tsiere)
útsje en besytsje
waakse en groeie
waskje en plaskje
wine en krûpe
wrotte en wrame